


JIERFERSLACH

2023

→ De Fryske Akademy yn 2023



Ynhâld:

- De Fryske Akademy yn 2023
- Algemiene ûntwikkelings
- Wittenskiplike ûntjouwings
- Undersyk en output
- Sosjale media
- Eksploitaasjerekken
- Akademyleden
- Ried fan Tafersjoch
- Persoan

De Fryske Akademy yn 2023

Sûnt de oprjochting yn 1938 set de Fryske Akademy him yn foar fûneminteel en tapast wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer. Nei 85 jier is dy opdracht, dy't de Fryske mienskip it ynstitút by de stichting meijoech, noch altyd liedend.

Algemeine ûntwikkelings

It jier 2023 ûnderskiedt him foaral as in goede fuortsetting fan ynsette paden út 2022. Yntern wie de oandacht benammen rjochte op it trochûntwikkeljen fan de organisaasje fanút it Strategysk Beliedsplan, dat ek yn 2023 de basis wie fan de aktiviteiten en ûntwikkelings.

- De oandachtsgebieten profilearring, akwisyse, organisaasjeûntwikkeling en gearwurking ha fierder stal krigen.
- Foarútrinnend op it 85-jierrich bestean fan de Fryske Akademy op 10 septimber 2023 is úteinset mei it geregeld opsykjen fan sosjale platfoarms, sadat de Fryske Akademy himsels mear sjen litte kin. Kongressen waarden organisearre, lêzings waarden jûn. En ek de nasjonale parse wist de Akademy hieltyd faker te finen foar nijsgjirrige ûnderwerpen.
- De Undersyksagenda 2023-2027 is presintearre. In agenda dêr't de Fryske Akademy de kommende jierren mei foarút kin en dy't droegen wurdt troch de meiwurkers en ús partners.

- De MT-funksjonaris Koördinator Undersyksfinansiering en Strategyske Gearwurking (KUSG) is úteinset en sjocht op saakkundige wize nei projekten en de finansiering dy't dêrby heart of winsklik is.
- De resultaten fan it meiwurkerstefredensheidsûndersyk binne presintearre en sille fertaald wurde nei in plan fan oanpak foar 2024.
- Mei stipe fan spesjalisten fan FERS is begûn mei in Strategyske PersonielsPanning (SPP).

Ekstern wie der oandacht foar it rapport 'De toekomst van de frisistiek' fan de KNAW-kommisje, dat yn desimber yn konsept ferskynd is. It rapport jout perspektyf oan de gearwurking op it mêd fan de frisistyk en beneamt de positive en wichtige posysje fan de Fryske Akademy as kearnspiler, mei advizen oan syn finansiers. Dat sil yn 2024 fierder útwurke wurde.



It suksesfolle Neerlandistiek.nl waard ein 2023 útwreide mei Frisistyk.nl. Neist algemiene stikken oer Fryske taalkunde, skiednis en letterkunde sil Frisistyk ek romte biede oan ûnderwerpen lykas Frysk yn it ûnderwiis, Frysk taalbelied en oan de taal- en letterkunde fan de oare Fryske talen.



KNAW-presidint prof. Marileen Dogterom krige de 'Onderzoeksagenda 2023-2027' taskikt út hannen fan direkteur-bestjoerder dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm.

Wittenskiplike ûntjouwings

Op de Akademydei fan 8 septimber 2023 waard de nije ûndersyksagenda foar de perioade 2023-2027 fan de Fryske Akademy offisjeel presintearre.

De ûndersyksagenda bestiet út trije oerlaapjende kennisgebieten, dy't de basis foarmje fan ús ûndersyk, nammentlik 'Skiednis en erfgoed', 'Taal en meartaligens' en 'De minske en syn omjouwing'. In ynterdissiplinêre en yntegrearre fyzje op de bestudearring fan de 'Fryske kasus'.

It programma waard fierder útwurke yn de foarm fan sân spesifike ûndersykstema's, dy't harren meastal op it snijflak tusken twa of mear fan de niisneamde ûndersyksgebieten befine. Sa wurdt de ynterdissiplinariteit befoardere en wurde brêgen slein tusken it histoaryske en taalkundige ûndersyk. Yn ús projekten ha wy gauris gearwurke mei ûnderskate partners yn binnen- en bûtenlân, lykas universiteiten en oare ûndersyksynstituten en ek mei mear maatskiplike partners, lykas de Ostfriesische Landschaft.

Us ûndersyk waard boppedat oan alle kanten stipe troch *digital humanities*. Tink dêrby oan ús digitale ynfrastruktuer, dêr't de taaldatabanken, de digitale korpora

en histoaryske geodata oer de Fryske kasus yn gearfoege binne.

Nei it fêststellen en lansearjen fan de agenda is hurd wurke oan de ymplementaasje en fierdere útwurking dêrfan. Sa foarme de agenda de basis foar ús website en ús strategysk personielsbelied. Boppedat waarden yn 2023 de bannen mei ferskate wurkferbannen fan de Fryske Akademy oanhelle om sa *citizen science*

te befoarderjen en wer in prominint plak te jaan binnen de aktiviteiten fan de Akademy. Ek waard oansluting socht mei de Nasjonale Wittenskipsagenda en mei de doelstellings fan it Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer (GFTK).


Fierder waard alfêst tariedend wurk dien foar de folgjende fisitaasje, dêr't it Strategy Evaluation Protocol (SEP 2021 – 2027) by folge wurde sil.




Undersyk en output

Publikaasjes (oantallen)

Wittenskiplike bydragen



Profesjonele bydragen



Populêre bydragen



Lêzings en kongressen

133 lêzings



83 organisearre kongressen, seminars, lêzings



Kearnpublikaasjes

- **Drenth, Eduard** (Developer) ; Zijlstra, Pieter (Consultant); Oosterkamp, Sweder (Developer) et al.. / *Rymwurdboek*. [Website].
- **Heeringa, W.J.** (Developer); van Heuven, Vincent (Developer); **Van de Velde, H.** (Developer). / *LED-A update : Levenshtein Edit Distance App*. [Software].
- **Halink, Simon** / *De Viking van binnen. Over Ijslanders en hun verhalenwereld*. Gorredijk : Uitgeverij Noordboek, 2023. 336 p.
- **Merkuur, Anne** / *Analogy across classes and languages: changing 2SG past forms in Frisian*. In: *Lingue e linguaggio*. 2023 ; Vol. 2023, No. 2. pp. 293-326.
- Bayat, Zoha ; **Kircher, Ruth** ; **Van de Velde, Hans** / *Minority language rights to education in international, regional, and domestic regulations and practices: The case of Frisians in the Netherlands*. In: *Current Issues in Language Planning*. 2023 ; Vol. 24, No. 1. pp. 81-101.
- **Raat, Mark** / *'Sodanige bedijckingen strecken tot profijte vant gemenebeste'* : *De politiek-*



maatschappelijke betekenis van zeventiende-eeuwse landwinningsprojecten in en nabij het Friese veengebied. In: *De Vrije Fries*. 2023 ; Vol. 103. pp. 74-93.

- **Duijff, Pieter ; Sijens, Hindrik ; Spoelstra, Janneke**. et al. / *Lemma's Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek* : Publisearre op Frysker: 10.414 ; mei-inoar 56.021 online. Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek. 2023.
- **Nijdam, J.A. (Editor)** ; Hallebeek, J. (Editor) ; de Jong, Hylkje (Editor). / *Frisian Land Law : A Critical Edition and Translation of the Frieska Landriucht*. Leiden : Brill, 2023. 457 p. (Medieval Law and Its Practice).



- **Bloemhoff, H. (Editor)** ; Nijkeuter, Henk (Editor). / *Jaarboek Nedersaksisch 3 : Mit de lezings en prissentasies van de Mannefestaasje Nedersaksische Literatuur* . Oosterwolde : Stichting Sasland, 2023. 133 p.
- Sebregts, Koen ; van Hout, Roeland ; **Van de Velde, Hans** / *Sociophonetics and rhotics. The Routledge Handbook of Sociophonetics*. editor / Christopher Strelluf. London : Routledge, 2023. pp. 195-213.
- **Dijkstra, Jelske ; Heeringa, W.J.** ; Jongbloed-Faber, Lysbeth et al. / *Using Twitter Data for the Study of Language Change in Low-Resource Languages. A Panel Study of Relative Pronouns in Frisian*. Computational sociolinguistics. editor / Jack Grieve. Lausanne : Frontiers in Artificial Intelligence, 2023. pp. 357-369 (Frontiers in Artificial Intelligence).
- **Ijssennagger-van der Pluijm, Nelleke** ; Majchczack, Bente Sven ; Knol, Egge et al. / *Wadden Sea Coasts in the Viking Age: the maritime landscape, material exchanges and mortuary practice in Frisian regions*. Routledge Handbook of Viking Death and Burial. editor / Alison Klevnas ; Cecilia Ljung. Routledge, 2023.

Promoasje-ûndersyk dat rint

- André Looijenga – *Early modern Occitan and Low German as non-dominant written language: a comparative historical*

sociolinguistic study on literate multilingualism and minority language attitudes (ca. 1550-1700).

- Martijn Kingma – *Fariaasje en feroaring yn it Fryske fokaalsysteem*.
- Mark Raat – *De histoaryske langetermynûntwikkeling fan it Fryske Feangreidegebiet (ca. 1600-1970).*

Eksterne promovendy begelaat troch meiwurkers fan de Fryske Akademy

- Phat Do – *The speech synthesis for minority languages, particularly Frisian*.
- Marvin Wiegand – *The influence of ecclesiastical and Roman law on the development of Frisian law in the late Middle Ages*.
- Raoul Buurke – *Recent sound changes in regional languages in the north and east of the Netherlands*.
- Reihaneh Amooie – *Speech recognition for minority languages, particularly Frisian*.
- Maartje A.B. – *Communication patterns between Dutch Hansa towns (14th-16th century)*.
- Abe de Vries
- Mary Alyousef – *Language Vitality in the context of Violent Conflict. A case study of Syriac in Syria and Europe*.



Wittenskipspriis Campus Fryslân

Dr. Alex Kerkhof hat de Wittenskipspriis Campus Fryslân wûn. Kerkhof hat ynterdissiplinêr ûndersyk dien nei it ferdwinen fan it Frysk út Seelân en Hollân yn de betide en hege midsiuwen. Mei dizze priis wol de RUG/Campus Fryslân wittenskiplik ûndersykstalint stimulearje en beleanje.

Nij Europeesk projekt: Read with MEE

It Erasmus+ projekt Read with Multilingual Early Education (Read with MEE) rjochtet him op it befoarderjen fan de lêsfeardigens fan jonge meartalige bern (2-6 jier). De útkomsten binne in hânboek en fideo's foar profesjonals yn berne-opfang, biblioteken en learkrêften fan groep 1 en 2, mei praktyske oanwizings hoe't de thústalen stipe wurde kinne by it foarlêzen,



in oersjoch fan foarlêsboeken gearstald mei en foar profesjonals, en in game dy't âlden helpe sil by it foarlêzen oan harren bern yn de thústaal. It projekt rint oant ein 2026.

KNAW Early Career Partnership (ECP)


Direkteur-bestjoerder en ûndersiker **Dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm** hat ien fan de tsien KNAW Early Career Partnerships (ECP) takend krigen. Mei sa'n ECP kinne ûndersikers ynnovative ideeën of metoaden foar ûndersyk ferkenne.

Eksploitaasjerekken


| 2023 | realisaasje | begrutting | ôfwiking |
|------------------|----------------|----------------|----------------|
| Baten | 3.992.739 | 3.950.023 | 42.716 |
| Lêsten | 3.763.081 | 3.969.419 | -206.338 |
| Resultaat | 229.658 | -19.396 | 249.054 |

Sosjale media

De Fryske Akademy hie dit jier



Mercator hie dit jier



Akademy-leden

Op 'e Akademydei fan 8 septimber waarden fjouwer nije leden beneamd op grûn fan harren bysûndere bydrage op it mêd fan de wittenskip of de maatskippij oangeande de Fryske taal en kultuer.

- **Hinne Wagenaar** – ambassadeur fan it Fryske ferhaal en in Fryske spiritualiteit, mei each foar minske, skiednis en meartaligens.
- **Sietske Poepjes** – ynset foar in taalbelied mei ambysje en konkrete doelen; set har yn foar it Frysk as ambassadeur, motivator en oanjager.
- **Wim Benes** – inisjator fan Fryske samling yn sprutsen sinnen foar CommonVoice yn oparbeidzjen mei de Fryske Akademy en oare organisaasjes.
- **Jacob Fokkema** – sette him yn foar de hiele wittenskiplike ynfrastuktuer yn Fryslân, stie oan 'e widze fan 'e University Campus Fryslân.



Direkteur-bestjoerder *Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm* mei de nije leden. F.l.n.r. *Jacob Fokkema, Sietske Poepjes, Wim Benes en Hinne Wagenaar.*

Ein 2023 telde de Fryske Akademy 1102 stipers, dêrfan binne 231 ek Akademylid.

Ried fan Tafersjoch

- Drs. Seerp Leistra (foarsitter)
- Prof. dr. Anthonya Visser
- Wim Kleinhuis
- Dr. Jan Don
- Drs. Rixt Heegsma

Direkteur-bestjoerder

Dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm, FSA



(f.l.n.r.) *Jan Don, Wim Kleinhuis, Seerp Leistra, Anthonya Visser, Rixt Heegsma*

Personiel 2023 yn tsjinst


 **44** 34,04 fte

01/01/23
46
35,01 fte

31/12/23



Opbou neffens âldens en slachte



Gearstalling persoaniel (31/12)

Wittenskiplike stêf
18,26 fte

beskate tiid 10,57 fte



ûnbeskate tiid 7,69 fte



24

Stipeferliening wittenskip
10 fte

5,3 fte



4,7 fte



13

Stypjend behearspersoneel
5,8 fte

0,8 fte



4,98 fte



7

FRYSKE AKADEMY

Kolofon

Fryske Akademy 2024, Ljouwert

Opmaak: GPNo, De Jouwer

Fotografie: Fryske Akademy, Marieke Balk, Campus Fryslân



KONINKLIJKE NEDERLANDSE
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

provinsje fryslân
provincie fryslân 